

Oan de leden fan Provinsjale Steaten fan
Fryslân

Ljouwert, 21 juny 2016
Ferstjoerd,

Ús merkteken : 01327850
Ôfdieling : Kultuer & Mienskip
Opsteld troch : Ôfdieling Kultuer & Mienskip, 058 292 8522,
kultuerenmienskip@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beliedsbrief Hert, Holle, Hannen

Achte Steateleden,

Wy biede jim it beliedsbrief "Mei hert, holle en hannen" oan. In beliedsbrief oer de ûnderwerpen Kultuer, Taal, Ûnderwiis en Sport. Ûnderwerpen dy't ús oan it hert geane en belied dat sa út it hert komt. Dat is in grut ferskil mei oare provinsjale beliedsstikken dêr't it faak mear om "de holle en de hânnen" giet. Gefoelsuterings, ideeën, yndrukken en wurden falle op as wy it oer dy ûnderwerpen hawwe. It binne faak saken dy't men yn letterlike sin net beetkrije kin: se binne net taastber, mar tagelyk wol tige oanwêzich en fan libbensbelang.

In prachtich foarbyld fan hoe't in idee en in gefoel fjouwerhûndert jier lang oerlibje kinne en minsken yn 'e tuskentiid bliuwend besielje kinne, is it 18de sonnet fan Shakespeare. In beskriuwing fan in leaf dat, nettsjinsteande de âlderdom dy't hja net ûntrinne kin, yn 'e eagen fan Shakespeare ûnûntaastber moai bleaun is. In beskriuwing dy't, neffens de oersetting fan Douwe Kalma, einiget mei:

Salang as minsken amje en d'eagen sjogg',
Salang stiet dit, en libbesto dêrtroch.

In skitterjend bewiis fan it belang en de krêft fan it idee of it gefoel, dat mei help fan in sonnet, iuwenlang bestean bliuwt. Yn dit beliedsbrieff kinne jim lêze hoe't de provinsje Fryslân dat wat út it hert komt ferbynt oan trochtaastend hanneljen. Mei hert, holle en hannen.

Yn it beliedsbrieff steane de ûnderwerpen Kultuer, Taal, ûnderwiis en Sport beskreaun. It bestiet út trije parten en by elk ôfsûnderlik part giet it om in fraach mei in antwurd dêrop.

- wêr steane wy no?
- wêr wolle wy hinne?
- wat moat dêrfoar dien wurde?

Boppedat hawwe wy it fjild yn de earste moannen fan dit jier yn ferskate sessys breed rieplachte. Wy hawwe ynstellings en inisjatyfnimmers frege om harren ideeën foar nij belied mei ús te dielen. Wat dêrút kommen is, hawwe wy yn it útfieringsplan meinommen.

Dat nije belied kin beskôge wurde as in fuortsetting fan earder beleid op dizze beliedsmêden, mei ekstra ynvestearrings oangeande de ûnderwerpen: it mooglik meitsjen fan nije kulturele inisjativen, ferromming fan it skewielen fan (breedte)sport, in folsleine útfiering fan it Delta-plan Frysk neffens it koälysje-akkoart en rekkend hâldend mei elkenien troch ynklusyf sosjaal belied.

Wa binne wy en wêr steane wy no?

Fryslân is in bysûndere provinsje yn ús keninkryk. Net allinne om't dêr de twadde rykstaal, it Frysk, praat wurdt, mar ek om't it lânskip bysûnder is. Bosken, wetters (swiet én sâlt), sângrûnen, klaaigrûnen, romtlike fierten: hast alles is binnen de grinzen fan ús provinsje te finen. Dat ferskaat wjerspegelet him ek yn it karakter fan de Friezen. Hjir wenje gjin minsken dy't neat te fertellen hawwe soene, mar minsken dy't soms samar liik wurde kinne, dochts ek skrutel wêze kinne. Minsken dy't fol fjoer fertelle kinne, mar ek dy't it by ien wurdlid hâlde. Romrofte atleten dy't fan Fryske komôf binne. Fryslân is ek it kweekplak fan moaie kulturele uterings.

Fryslân is in provinsje mei in ryk ferieningslibben: toaniel, sport, geitefok komme foarby, mar ek it kompjûterprogrammearjen. Frijwilligers, oer stêd en doarp ferspraat, meitsje dat mooglik. Boppedat is Fryslân wol in provinsje dêr't it soms dreech is foar ynwenners om oan kulturele of sportaktiviteiten mei te dwaan. De fysike ôfstannen tusken it wenadres en bygelyks it muzykfestival, de teaterfoarstelling of de swimwedstriid kinne in probleem wêze. Mar ek in finansjele of earder mentale ôfstân kin in beheining wêze. Net foar elke Fries is it fanselsprekkend dat it meidwaan oan kultuer of sport in mooglikheid is dy't ek foar him bedoeld is. Net elkenien is wend oan en bekend mei dy kant fan de maatskippij dy't sa ferrykjend is.

Wy steane oan 'e foarjûn fan it jier 2018. Dan is Ljouwert-Fryslân it namkaartsje fan Nederlân foar de rest fan de wrâld. Dat jier binne wy as provinsje ien grut toaniel dêr't in protte moais opfierd wurdt. Muzyk, literatuer, dûns, toaniel, byldzjende keunst en sport: alles hat in plak. Oantreklik foar de besiker, mar ek foar de ynwenners fan Fryslân sels. Gjinn kant en kleare kulturele produksjes dy't fan omfierrens wei hjirhinne helle wurde, gjin wrâldsporten, mar projekten mei in sterke en unike binning mei de mienskip sille it haadgerjocht fan it jier 2018 wêze. Yn 'e mande mei de befolking giet de reis nei 2018 fierder. Friezen moatte faak

efkes opwaarmje, mar de termometer rint ûnderwilen flink op. It paad nei 2018, it jier sels dêryn begrepen, ropt by Friezen in ferlangen op. In ferlangen om noch mear dingen mei-inoar ta stân te bringen, in ferlangen om dêr mei-inoar fan te genietsjen. Om in folslein minske te wêzen troch dysels yn bygelyks toaniel of sport kwyt te kinnen. Dysels better kennen te learen troch yn de spegel te sjen dy't oare minsken dy foarhâlde. De persoan wêze dy'tsto bedoeld bist te wêzen.

Jierrenlang stiet de provinsje Fryslân noed fan belied op it stik fan Kultuer, Taal, ûnderwiis en Sport. Hjirûnder folget in koarte beskriuwing fan de ynhâld fan dy beliedsfjilden.

By **kultuer** giet it om it belied op it mêd fan poadiumkeunsten, festivals, kultueredukaasje, biblioteken, argiven, talintûntwikkeling, amateurkeunst en musea. As it giet om ûnreplik erfgoed, monumintesoarch, archeology, kultuerlânskip en romtlike kwaliteit, wurdt it belied omskreaun yn de tematyske struktuerfisy Grutsk op 'e Romte en de Omkritefisy dy't yn 2016 ûntwikkele wurdt. Kultuertoerisme is opnommen yn it beliedsbrieff Gastfrijheidsekonomy (2017). De provinsje fiert sûnt 2008 gjin autonoom belied mear út op it stik fan byldzjende keunst. Op grûn fan it kultuerbelied stypje wy wol ynsidinteele eveneminten en útstallings.

It beliedsfjild **taal** giet oer ús soarchplicht foar it behâld en it befoarderjen fan de Fryske taal en de Fryske streektalen. Dêrby giet it om it fuortsterkjen fan it plak fan it Frysk (as it heal kin yn in meartalige kontekst). Om dy reden is de Fryske literatuer net allinne tige wichtich fanwegen de eigen literêre wearde, mar no krekt ek foar it fuortbestean fan de Fryske taal. Ús soarchplicht foar breed ûntwikkele media falt ek ûnder it beliedsfjild taal. Dêrby rjochtsje wy ús op in brede Frysktalige programearring en op it yn stân hâlden fan in Fryske regionale mediafoarsjenning. Dêrby behelje wy ek de ynset foar it Frysk yn de skreaune media. Ús ynset op dat terrein slút oan by ús ambysjes yn it ramt fan it Deltaplan Frysk.

It provinsjale **ûnderwiis**belied is fan âlds benammen rjochte op it Frysk yn de provinsje. De lêste jierren sjogge wy dy ynset hieltyd mear, ek fanwegen ús wetlike taken op dat terrein, soks yn it perspektyf fan in trochgeande meartalige learrûte. Mei it Boppeslachprojekt (2007-2015) hawwe wy ús blik tydlik rjochte op de folle breedte fan de kwaliteit fan it basisûnderwiis yn Fryslân. Yn dizze nije beliedsperioade wurdt it ûnderwiis yn Fryslân sjoen as it fjild by útstek dêr't al ús krewearjen op it stik fan taal, meartaligens, kultuer en sport yn Fryslân byinoar komt. Ús ynset op dat terrein slút oan by ús ambysjes yn it ramt fan it Deltaplan Frysk.

By ús **sport**belied giet it om breedtesport, Fryske sporten, talintûntwikkeling en topsport. De breedtesport stimulearje wy troch de wei fan in kennis- en ekspertizesintrum. Dêrby is spesjaal omtinken foar doelgroepen as âlderein en beheinden. Ús krewearjen op it mêd fan talintûntwikkeling en topsport steane benammen yn ferbân mei Thialf, Topsport Noord, en it Centrum voor Topsport en Onderwijs (CTO). Wy drage by oan sporteveneminten op al dy terreinen en oan it jierliks sportgala. Sa drage wy by oan it semint fan ús maatskippij en hawwe wy each foar talint dat it fermogen hat om oer himsels hinne te rikken.

Wêr wolle wy hinne?

Earder hawwe wy mei jim Steaten praat oer hoe't de oanpak fan ús belied stal krije moat. By de behandeling fan de startnotysje yn maart binne de neikommende doelen markearre:

Partisipaasje fuortsterkje ("foar elkenien, mei elkenien")
Edukaasje ferbreedzje en ferdjipje (in libben lang leare)
Ynnovaasje stimulearje en fasilitearje (oars as oars)

De doelen "Leefberens befoarderje" en "Sichtberens fan ús krewearjen fergrutsje" binne ek oan 'e oarder kommen by it fêststellen fan de startnotysje. Dy beide doelen komme benammen by de útfiering fan ús belied werom.

De kommende fjouwer jier steane yn it teken fan in provinsje dy't yn 'e mande mei de ynwenners, ynstellings, de gemeenten en de ryksoerheid oan in libben en krêftich Fryslân wurket. In Fryslân mei kleur en smaak. Lykas yn de útfieringsaginda "Mei elkenien, foar elkenien" beskreaun stiet: *"Taal, meertaligheid, erfgoed en kultuur in Fryslân worden verstevigd om een aantrekkelijke, complete, uitdagende en eigenzinnige provincie te zijn en blijven. Wat betreft maatschappelijke participatie via sport: we blijven de breedtesport stimuleren ... [hebben] extra aandacht voor de Friese cultuursporten ... [we] stimuleren talentontwikkeling."*

Mei dat alles yn 'e efterholle komme wy op it neikommende slotbyld út:

Ljouwert-Fryslân 2018

Wy drage by oan Ljouwert-Fryslân 2018, as in feest foar elkenien mei bliuwende effekten. Minstens sa wichtich as it paad nei 2018 en fansels it jier sels, is de perioade néi 2018. De neilittenskip (foar de Angelsaksen: legacy) en ûntdutsen enerzjy as gefolch fan Ljouwert-Fryslân 2018 binne weardefol en moatte wy fêsthâlde. It ferlangen dat by de Friezen opropen is, hâlde wy fêst en is in spikerhurd fûnemint foar de manier fan libjen yn dizze provinsje foar de rest fan de iuw. Ús kultuerbelied is op dy neilittenskip rjochte en wy daagje de gemeente Ljouwert en fansels de rest fan Fryslân út om méi ús yn dy neilittenskip te ynvestearjen. It mei nammentlik net barre dat Fryslân yn 2019 yn in grut kultureel gat falt, om't alle middels en alle entûsjasme foar it jier 2018 oprûkt binne. In deadsk lânskip mei net it ferfolch wêze fan ús tydlik ferbliuw yn de oaze. De positive maatskiplike, kulturele en ekonomyske gefolgen fan "2018" moatte wy fiere en fêsthâlde en net stadichoan ferdwine litte.

Yn oansluting dêrop is it essinsjeel dat wy as provinsjale oerheid sa faak mooglik omtinken freegje foar Kulturele Haadstêd en de neilittenskip dêrfan. Dêrom freegje wy fan alle ûntfangers fan provinsjaal subsydzje (op de beliedsfjilden Kultuer, Taal, ûnderwiis en Sport) in fisy oer Kulturele Haadstêd en oer de perioade nei 2018. Hoe drage harren aktiviteiten konkreet en effektyf by oan it sukses fan "2018" en it fêsthâlden fan de neilittenskip fan dat jier?

Wy wolle beklamje dat it karakter en de gefolgen fan "2018" ferskate gesichten hat: fansels wurde der krêftige ferbinings op it kulturele en sosjale flak ta stân brocht. Elkenien kin, as dat sa útkomt, oansluting fine en op elk "ynstapnivo" (fan in trochkrûpt operaleafhawwer oant immen dy't de doar hast net út komt foar kultuer). Mar ek op it mêd fan toerisme (en dêrmei fan ekonomy) binne der grutte kânsen yn ferbân mei de Kulturele Haadstêd. In grutte en nije groep besikers sil ús provinsje oandwaan. Hoteloernachtings en de gongbere broadsjes en kopkes kofje drage oan ús lokale ekonomy by. De kulturele aginda yn 2018 sil dêr sels ek oan bydrage: hannelsmissys opfleurje dy't wy yn it bûtenlân nei ús provinsje organisearje.

As lêste wolle wy ús provinsje mei in Fryske Filmlokaasje Skout op it netflues fan televyzje- en filmmakers sjen te krijen. Dy skout hat kennis en ekspertize yn 'e hûs om bûtenlânske producers te ferlieden hjir del te striken. De skout soe in nau oparbeidzjen mei in Frysk Filmfûns produsinten ferliede moatte ta it realisearjen fan films yn Fryslân. Tink oan de bekendheid dy't Game of Thrones oan Dubrovnik jûn hat en de film In Bruges oan de stêd Brugge yn België. Sa snijt it mes foar Fryslân oan beide kanten: nammebekendheid fan ús provinsje en ynkomsten troch de oanwêzigens fan (grutte) filmcrews. Wy tinke der oer nei om in revoluearjend filmfûns yn te stellen om ûnder oare de wurksumheden fan de skout mooglik te meitsjen. Wy sille noch mei aparte útstellen foar de realisearjen fan sa'n fûns by jim Steaten komme.

Frysk

It Frysk is ús twadde rykstaal. Mei dy waarme en rike taal drukke in soad minsken harren út. Minsken brûke it Frysk om inoar leaf te hawwen: âlden mei harren bêrn, beminden mei-inoar, freonen ûnder inoar. De memmetaal is ek in perfekt middel om inoar goed de wierheid te sizzen: skelle, debattearje en ûnderhannelje. It is de taal fan ús hert en ús holle. It Frysk is net allinne in sprektaal: ek it skreaune wurd hat in prominint plak. In sterke groep skriuwers publisearret driftich: romans, berneboeken, poëzij, toanielstikken. Alles is foarhannen en wurdt oan de man brocht yn de foarm fan sutelaksjes of as download e-book.

Mar it is oeral net rys mei rezinen as it om it Frysk giet. It is in taal dy't hieltyd minder praat wurdt, lit stean fan skreaun. By guon bliuwt it idee bestean dat in twatalige opfieding (Nederlânsk en Frysk) neidielich is foar de ûntwikkeling fan in bern. Hoewol't de wittenskip oars sjen lit, bliuwt dat idee in bedriging foar it Frysk. Dat is dan ek ien fan de redenen wêrom't de provinsje 'fol op it gaspedaal trapet' oangeande it Frysk. Ús 'eigen minderheids- of streektalen' meie ek op stipe en oandacht rekkenje. Foarbylden dêrfan binne:

- Promoasje Frysk en meartaligens
- Frysk yn de soarch
- Gemeentlik taalbelied
- Literatuerbelied
- Streektaalbelied (Stellingwerfs en Biltsk, mar ek oare Fryske streektalen, lykas it Stedsfrysk (bygelyks it Liwwarders)
- Frysk yn Europa (NPLD, Network to Promote Linguistic Diversity)
- Prizebelied
- Helpmiddels Fryske stavering en leksikografy
- Frysk yn de skreaune media

Dêroerhinne sette wy it Deltapla Frysk yn it wurk. Om yn wettersteatkundige termen te bliuwen: wy lûke ús net kjel efter de diken werom, wy hâlde it each nei bûten. Mar wy soargje der wol foar dat ús Fryske taal net ûnder giet yn in taalkundige floedweach, dy't inkeld ta in saai en net bot histoarysk oanheakke monokultuer liedt. It Deltaplan Frysk kent de neikommende ûnderdielen (foar in folslein oersjoch: sjoch taheakke):

Útfiering taalwetjouwing

Wy befoarderje aktyf de ymplementaasje fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear en rjochtsferkear, sa't dat ôfpraak is yn de "Wet gebruik Friese taal" en wy fersterkje it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis op basis fan de útwreiding fan ús foegen op it flak fan de keardoelen en it ûntheffingsbelied yn de ûnderwiiswetjouwing.

Basisfoarsjenning

De basisfoarsjenning foar de trochgeande meartalige learrûte foarsjocht ûnder oare yn begeleiding fan meartalige bernedeiferbliuwen en skoallen, de ûntwikkeling fan hifkings- en learlingfolchynstruminten en nei-oplieding. Dêrnjonken is der omtinken foar mear- en Frysktalich lesmateriaal en -metoaden.

Basisfoarsjenning Plus

It tal plakken dêr't de hiele trochgeande meartalige learrûte op ien plak fysyk oanwêzich is, is noch tige beheind (3 oant 5 plakken yn Fryslân). Om dy reden besykje wy om mear plakken yn de provinsje mei in trochgeande meartalige learrûte op ien lokaasje te berikken, wêrby't bygelyks in model as it Integraal Kindcentrum (IKC) kânsen biedt.

Digitale Helpmiddels Frysk

Wy realisearje in breed Frysktalich oanbod fan digitale tapassings op ICT-platfoarms en sosjale media, yn oparbeidzjen mei partijen as de Afûk, de Fryske Academy, Google, ûnderskate ICT-partijen.

Lân fan Taal

It Lân fan Taal is in mei-inoar ôfstimde en brede programmearring fan alle taal- en kultuerinisjativen yn Fryslân, rjochte op it Frysk yn in meartalige en ynternasjonale kontekst.

Kultuer

Yn ús provinsje wolle wy, yn 'e mande mei de ynwenners en ynstellings, in noch krêftiger en kleurriker kultureel lânskip ta stân bringe. Dat betsjut dat flink op ynnovatyf wurkjen ynset wurdt. "Elk op syn eigen eilân", sa't dat yn de ôfrûne desennia somtiden it gefal wie, is net de einsituaasje dy't wy foar eagen hawwe. Wy freegje fan de ynstellings dat der binnen it eigen wurkfjild mear gearwurke wurdt, mar ek dat der sjoen wurdt nei ferbinings dy't op it earste each minder fanselsprekkend binne, bygelyks in gearwurking tusken in muzykselsskip en in soarchynstelling foar de âlderein: allegearre foar in weardefol 'Healthy Ageing'.

Yn de kommende perioade sille wy ek eksperimintearje mei in aparte kulturele advyskommisje. Dy advyskommisje beoardelet ynhâldlik de artistike wearde fan (mearjierrige) plannen oer inisjativen yn Fryslân. Sa wolle wy de artistike kwaliteit fan de úteinlike produksjes ferheegje en ek de professionalisearring en ynnovaasje krêft fan de belutsen partijen grutter meitsje.

De provinsje Fryslân docht yn dizze beliedsperioade alle war om ynklusyf belied te fieren. Mei oare wurden: elkenien kin en mei meidwaan oan muzyk-, dûns- en toaniellessen (de byldzjende keunsten ferjitte wy ek net). Fan pypjong oant stokâld en alles dêrtusken yn. Elkenien is in ûnmisber ûnderdiel fan ús Fryske mienskip en docht derta. Foar de eigen ûntwikkeling likegoed as foar 'semintfersteviger' fan de foegen yn it provinsjale maatskiplike mitselwurk, is dy kultuerdielname ferstannich (resultaat 13 útfieringsprogramma). Op grûn fan dy gedachte freegje wy yn dizze beliedsperioade oan ûntfangers fan in kultureel subsydje hoe't sy mei harren aktiviteiten noed stean sille foar in ferbreiding fan it publyk dat sy berikke wolle.

Ambysjes en finânsjes binne net los faninoar te sjen. De ôfrûne jierren hat de provinsje Fryslân mei de Nuon-middels op ferskate mêden yn de maatskippij flink ynvestearre. De kulturele sektor hat dêr ek profyt fan hân. Dêrnjonken hat de oanwêzigens fan finansjele romte der sûnder mis oan bydroegen om de titel fan Kulturele Haadstêd te bemachtigjen. Néi dizze

koälysjeperioade sil der struktureel minder jild beskikber wêze foar alle provinsjale ambysjes (fan ynfrastuktuer oant miljeudoelstellings). Yn it beliedsfjild Kultuer sil dat ek te fernimmen wêze en de kommende fjouwer jier moatte de belutsen partners dat as oanrinperioade sjen om dêrop yn te spyljen.

De kommende beliedsperioade sil de klam dan ek mear op kultureel ûndernimmerskip komme te lizzen. Crowdfunding, gearwurkje mei it bedriuwslibben oangeande sponsoring (bygelyks in kulturele skybox) binne ûnderdielen fan dy nije wurkwize. Wy nûgje de kulturele ynstellings en inisjatyfnimmers út om sels, as eksperts op harren eigen mêd, mei útstellen oangeande dat alles te kommen.

Sykje nei talint

De kommende fjouwer jier stimulearje wy kultuer, meartaligens en sport yn it ûnderwiis. Es-sinsjeel dêrby is in oansprekkend kultueredukaasjeprogramma foar de hiele skoalperioade (dus fan 0 oant en mei 18 jier). Dielname oan en kennis fan typysk Fryske sporten as keatsen en fierljeppen sille wy yn it ûnderwiis fergrutsje. It Deltaplan Frysk hat in sterke ûnderwiiskomponent: in bern komt yn syn hiele skoaltiid op in oansprekkende en sinfolle wize yn oanrekking mei it Frysk (yn in trochrinnende learrûte). It ûnderwiis yn it Frysk hâldt net by de middelbere skoalle op en wurdt op alle learnivo's oanbean, fan vmbo oant gymnasium.

Elkenien hat syn eigen unike set oan talinten. Wy binne it ferplichte oan de generaasje dy't nei ús komt om derfoar te soargjen dat bern dy talinten sa goed mooglik brûke, bygelyks troch it stypjen fan Topsport Noard soargje wy foar talintûntwikkelingsprogramma's. Sa bine wy talinten oan Fryslân. It soe ivich skande wêze dat lokale talinten allinne bygelyks yn de Rânestêd goed ta harren rjocht komme kinne soene. Om dat foar te kommen arbeidzje wy mei de provinsjes Drinte en Grinslân (en de stêden Ljouwert, Grins, Assen en Emmen) op as noardlike eksperimintearregio om talintûntwikkeling (We the North). Sa hoecht poadiumkeunsttalint net foar wurkûnderfining de trein nei Amsterdam te nimmen.

Troch fol yn te setten op jongerein en talinten ûnderstreekje wy in wichtich útgongspunt fan ús belied: meidwaan no, is meitelle letter.

Wat moet dêrfoar dien wurde?

Yn stee fan te fasilitearjen, te regissearjen en te kontrolearjen krije wy in mear ynteraktive en meiwurkjende rol, wêrby't maatskiplike opjeften liedend binne en wêrby't de provinsje ien fan de partners is. Fansels hâlde wy ús regissearjende en kontrolearjende rol, as it giet om it hanthavenjen fan wetten en ôfspraken. Wy rinne net fuort foar ús ferantwurdlikheid as it giet om it yn gong setten fan nije ûntwikkelings. Dêrnjonken sille wy yn de kommende perioade mear op it stimulearjen, ynspirearjen en ferbinen fan partijen ynsette.

Om ús ambysjes wiermeitsje te kinnen, is mei-inoar 19,4 miljoen euro nedich foar de hiele beliedsperioade. Yn de ôfrûne beliedsperioade "Grinzen oer" waard foar 17 miljoen euro belied útfierd. Troch no te kiezen foar méár romte foar kulturele inisjativen, in folsleine útfiering fan it Deltaplan Frysk en troch te gean mei it ynsetten op topsport komme wy op rûchwei 4,3 miljoen euro jiers út. In eksakt oersjoch fan de finânsjes dêr't om frege wurdt, fine jo hjirûn-

der, mei in ferdieling oer de jierren en de beliedsfjilden. Foar de goede oarder: it giet hjir om ynsidintele middels. De strukturele middels, dêr't útfieringsynstellings en boekjiersubsyd-zjeynstellings mei betelle wurde (bygelyks de Afûk, It Frysk Ljeppersboun of de Fryske Akademy) omfiemje 15,8 miljoen euro jiers en binne gjin ûnderdiel fan dit útstel. In wichtich ûnderdiel fan dit beliedsbrieff is wol dat it palet fan dy "struktureel finansiere ynstellings" nochris neier besjoen wurdt. Dy werhifking hat foar de omfang fan de provinsjale bydrage (yn de perioade 2017 – 2020) gjin gefolgen. Wol soene de middels op in oare wize ynset wurde kinne.

Al mei al ynvestearret de provinsje Fryslân aardich wat jild yn de eigen ynwenners. Kultuer, taal, ûnderwiis en sport komme flink oan bod. Mei dy ekstra ynvestearings dy't troch dit nije belied dien wurde, bliuwe wy by de top-3 fan provinsjale ynvestearings nei ynwenner.

	CTOS nije nota HHH				
	2017	2018	2019	2020	Totaal
Sport / Centrum topsport	€ 250.000	€ 250.000	€ 250.000	€ 250.000	€ 1.000.000
Sportregelingen	€ 60.000	€ 153.000	€ 153.000	€ 153.000	€ 519.000
Cultuur	€ 1.680.300	€ 1.680.300	€ 1.686.000	€ 1.737.000	€ 6.783.600
Taal	€ 730.000	€ 730.000	€ 730.000	€ 730.000	€ 2.920.000
Deltaplan Frysk	€ 1.575.000	€ 1.575.000	€ 1.575.000	€ 3.452.600	€ 8.177.600
Totale lasten	€ 4.295.300	€ 4.388.300	€ 4.394.000	€ 6.322.600	€ 19.400.200

As lêste:

Effektmjitting & evaluaasje

De spearpunten út dit beliedsbrieff wurde yn in útfieringsplan útwurke. It útfieringsplan kin alle jierren bysteld wurde. Nei twa jier fiere wy in algehiele evaluaasje fan it belied út. Foar in goede effektmjitting en evaluaasje folje wy it útfieringsplan oan mei in effektmjittingsplan. Dêr stiet ûnder oare yn:

- Hoe't beoardiele wurdt oft de doelen helle binne;
- Hoe't beoardiele wurdt oft it belied neffens plan útfierd is;
- Wa't dêr systematysk ynformaasje foar byinoar fandelet.

Wy geane der fan út jo sa foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.A. Jorritsma, foarsitter

A.J. van den Berg, sikretaris

